



# *HERTSTOCHT*

(Hartstocht, een thriller)

Thriller yn fjouwer bedriuwen

fan

**NHUNG DAM EN KOOS TERPSTRA**

**Fryske oersetting**

**Anneke Burgy**

TONEELUITGEVERIJ VINK B.V.

(Grimas Theatergrime verkoop)

Tel: 072 - 5 11 24 07

E-mail: [info@toneeluitgeverijvink.nl](mailto:info@toneeluitgeverijvink.nl)

Website: [www.toneeluitgeverijvink.nl](http://www.toneeluitgeverijvink.nl)

## VOORWAARDEN

Alle amateurverenigingen die het stuk: **HERTSTOCHT – HARTSTOCHT, EEN THRILLER** gaan opvoeren, dienen in alle programmaboekjes, posters, advertenties en eventuele andere publicaties de volledige naam van de oorspronkelijke auteur: **NHUNG DAM EN KOOS TERPSTRA** te vermelden.

De naam van de auteur moet verschijnen op een aparte regel, waar geen andere naam wordt genoemd.

Direct daarop volgend de titel van het stuk.

De naam van de auteur mag niet minder groot zijn dan 50% van de lettergrootte van de titel.

U dient tevens te vermelden dat u deze opvoering mag geven met speciale toestemming van het I.B.V.A. Holland bv te Alkmaar.

**Copyright: © 2016 Anco Entertainment bv - Toneeluitgeverij Vink bv**

**Internet: [www.toneeluitgeverijvink.nl](http://www.toneeluitgeverijvink.nl)**

**E-mail: [info@toneeluitgeverijvink.nl](mailto:info@toneeluitgeverijvink.nl)**

Niets uit deze uitgave mag verveelvoudigd en/of openbaar gemaakt worden door middel van druk, fotokopie, verfilming, video opname, internet vertoning (youtube e.d.) of op welke andere wijze dan ook, zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Het is niet toegestaan de tekst te wijzigen en/of te bewerken zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Vergunning tot opvoering van dit toneelwerk moet worden aangevraagd bij het Auteursrechtenbureau **I.B.V.A. HOLLAND bv**

Postbus 363

1800 AJ Alkmaar

Telefoon 072 - 5112135

Website: [www.ibva.nl](http://www.ibva.nl)

Email: [info@ibva.nl](mailto:info@ibva.nl)

ING bank: 81356 – IBAN: NL08INGB0000081356 BIC: INGBNL2A

**Geen enkele andere instantie dan het IBVA heeft de bevoegdheid genoemde rechten van u te claimen, of te innen.**

Auteursrechten betekenen het honorarium (loon!) voor de auteur van wiens werk door u gebruik wordt gemaakt!

Auteursrechten moeten betaald worden voor elke voorstelling, dus ook voor try-outs, voorstellingen in/voor zorginstellingen, scholen e.d.

### **Vergunning tot opvoering:**

1. Aankoop van minimaal **4** tekstboekjes bij de uitgever.
2. U vult het aanvraagformulier in op [www.ibva.nl](http://www.ibva.nl) of u zendt de aanvraagkaart (tevens bewijs van aankoop), met uw gegevens, naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
3. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

### **Vergunning tot HER-opvoering(en):**

1. U vult het aanvraagformulier in op [www.ibva.nl](http://www.ibva.nl) of u zendt de aanvraagkaart met uw gegevens naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
2. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

**Opvoeringen zonder vergunning zijn niet toegestaan en strafbaar op grond van de Auteurswet 1912. Zij worden gerechtelijk vervolgd, terwijl de geldende rechten met 100% worden verhoogd. Het tarief wordt met 20% verhoogd voor opvoeringen waarvoor geen toestemming werd aangevraagd binnen drie weken voorafgaand aan de voorstelling.**

**Het is verboden gebruik te maken van gekregen, geleende, gehuurde of van anderen dan de uitgever gekochte tekstboekjes.**

**Rechten BELGIË: Toneelfonds JANSSENS, afd. Auteursrechten,  
Te Boelaerlei 107 - 2140 Bght ANTWERPEN Telefoon (03)3.66.44.00.  
Geen enkele andere instantie heeft de bevoegdheid genoemde rechten van u te claimen, of te innen.**

## **FOARSPUL**

In tiisdeitejûn, om 20.00 oere hinne, ein septimber, begjin oktober

### **EARSTE BEDRIUW**

In lytse twa oeren letter

### **TWADDE BEDRIUW**

Folget fuort nei it earste bedriuw

### **TREDDE BEDRIUW**

Letter dy jûn, yn 'e nacht, 4 oere hinne

### **FJIRDE BEDRIUW**

Folget fuort nei it tredde bedriuw

## **DE PERSOANEN:**

Patty, de frou

Elizabeth, de freondinne

Max, de man fan Patty

Julius, de man fan Elizabeth

## **DEKOR:**

It stik spilet him ôf yn in allinnichsteand lân hûs. Yn de húskeamer. It is in noflik hûs, net oerdreaun modern mar ek net te smûk. It hat romte en je soene der wenje wolle. Je fiele dat de bewenners harren sels binne, dat se witte wat se wolle, se hoege net sjen te litten dat se modern binne, of soks sa wat, of dat se derby hearre wolle. It is in goed hûs. It is yn lykwicht.

In trep fan boppen komt út yn de keamer. De gong rjochts giet nei de bûtendoar. Der is in iepen keuken, mids achter, dy't de keamer wat noflik jout, in hûs om yn te wenjen. Yn de keuken stiet in grutte tafel dy't útnûget om itentsjes te jaan, om oan sitten te gean. En ek al spilet it grutste part fan it stik 'm foaroan ôf, op in bank en losse maklike stuollen, dy't nei it publyk ta steane, de útnûgjende tafel bliuwt syn oandacht opeaskjen. Is der te min romte dan is ús foarstel om de yttafel as fernaamste spylplak te brûken, mar sit dan leaver op de tafel as oan de tafel.

Der hinget keunst oan de muorre, mar net omdat it moat, mar omdat it by it hûs en de bewenners past. Ast nei ôfrin frege wurde soest oft der keunst oan de muorre hinget, soest neitinke moatte want hûs en

keunst hearre by inoar.  
It is min waar bûten, it eazet en tongeret.

## FOARSPUL

Patty

*(Patty komt op. Koffer, oare tassen. Mooglik in taksysjauffeur dy't har guod yn 'e hûs bringt, betelle wurdt en wer fuort giet. Se is 43 jier, mar se sjocht der wol 10 jier jonger út. De frou is bysûnder goed klaaid, sûnder dat it te oerdreaun is. Hiel smaakfol.*

*Se sjocht even nei de termostaat, draait der miskien even oan. Dan sjocht se op it horloazje, pakt de fêste telefoan, toetst in nûmer)*

**PATTY:** Ja, mei my. Ja, ik bin der. Nee, gong wol goed. Je wurde der allinnich sa wurch fan.

...

Nee, dy is der net. Teminsten, ik sjoch 'm net. Docht miskien boadskippen, of sa. Dy kom sa wol wer.

...

Nee, mem, no net wer. Ik woe gewoan nei hûs. Dit hat neat my dy te krijen.

...

Ja, ik wit wol dat wy it oer fiif dagen hiene. Dat wit ik wol.

...

Ja

...

Mar ik hie it wat hân. Ik moat no gewoan even thús wêze. Ik ha noch twa frije dagen en dan wol ik moai by Max wêze.

...

Ja, dy is thús. Dy hat ek frij. En dat gebeurt net sa faak.

...

Ja, ik wit dat wy wat oars ôfpraat wiene.

...

Ik ha't ek noch mar krekt betocht.

...

Nee, hy wit it net. It is in ferrassing.

...

Mèm, ho no. Dit hat neat mei dy te krijen. It is...

...

Ja.

...

Ja, ik sil 'm de groeten dwaan. Hy sil sa wol komme. Ja, ja.

...

Ja

...

Ja, út. Ik belje dy moarn. En net allegearre apen en bearen sjen, dy't der hielendal net binne, hin!

*(se leit de telefoan del en falt wat wurch achteroer yn de stoel. Rint nei de keuken, komt werom mei in flesse wite wyn en in glês. Makket it gesellich. Se docht de gerdinen ticht, rint noch in kear nei de termostaat, docht dêr wat oan. Docht wat ljocht oan hjir of dêr. Lûkt de skuon út. In kears. Sjocht op har horloazje. Rekt harsels út. Is wurch fan de lange reis. Set in muzykje op. Wat sachts. In frouwestim. Romantysk. Jazz. Wat oer leafde giet. Har mobyl jout lûd. Se sjocht nei it nûmer. Se glimket. Pakt 'm op)*  
Hee skatsje.

...

Ik ek fan dy.

...

Ja

...

Nee, ik bin by ús mem en it giet dat it slydjaget. Se is super leaf. Noch twa dagen en dan bin ik wer by dy.

...

Wat dochst?

...

*(se sjocht ferheard op, giet rjochtoerein sitten)*  
Thús?

*(se sjocht om har hinne)*

Ja

...Dus do sitst lekker thús?

...

Telefyzje sjen en wat lêze.

...

En do mist my?

*(se giet oerein)*

Hoefolle mist' my?

...

En hast it nei 't sin, sa in pear dagen allinnich.

...

It hiele hús foar dysels. Ja.

...

Nee, ik fyn it net slim. Wol nee, hielendal net. Ik sjoch dy gewoan sitten, op de bank, mei in fleske wyn, watfoar kleur hast iependien?

...

Oh, de Chablis.

*(se sjocht nei de flesse, dy't se sels krekt pakt hat. It is in flesse Chablis)*

En hoechst'm net mei my te dielen. Nee.

...

Ik kom ek neat tekoart, hear.

...

En do sitst te lêzen. Watfoar boek?

...

*(se sjocht it boek lizzen, op in taffeltsje nêst de bank. Se lêst de titel lúdop)*

...

*(N.B. It soe moai wêze as dit altyd de literêre bestseller fan dat momint is)*

Is it wat?

...

Ik bin jaloersk op dy, even hielendal allinnich thús, op de bank, in flesse foar dysels, en de hiele jûn lekker lêze.

...

En telefyzje sjen. Ja.

...

Watsto sjen wolst.

Ja.

...

Sûnder dat der ien wat fan dy wol

...

Ja

...

Hiest net nocht oan fuort? Even oare minsken sjen?

...

Nee

...

Begryp ik.

...

Gjin nocht oan wa dan ek, útsein oan my.

...

Ja.

...

Dan sil ik dy fierder mar net mear steure, hin.

...

Nee, ik bin net op 'e teantsjes trape. Ik bin bliid datst sa goed foar



dysels soargest.

...

Ja.

...

Nee, wier net.

...

Skink dy noch wat yn. Gean lekker sitten te lêzen en genietsje fan dyn jûn. Sa faak gebeurt it net datst it hiele hûs foar dysels hast...

...

Ja.

...

Ik ek fan dy.

...

Oant oer in pear dagen.

...

Nee, nee, neat oan de hân. Dat ferbyldest dy mar.

...

Ja.

...

Oant tongersdei. Ferjit moarn net de swarte kontener oan 'e dyk te setten. Pas goed op dysels.

*(se set har mobyl út. Is even stil. Stoarret nei in punt yn 'e fierte. Besjocht it boek noch es. Leit it boek fuort. Sjocht noch es nei it skerm fan it mobyltsje. Set de muzyk knal-lûd oan. Iepenet de flesse wyn en skinkt it glês oan de kop ta fol. Sykhellet djip. Set de muzyk mei ien klap út. Pakt it mobyltsje)*

*Tsjuster.*

## EARSTE BEDRIUW

Patty en Elizabeth

*(in pear oeren letter. Deselde romte. De flesse healleech. De kears is út. Patty komt mei in oare frou, har freondinne, de keamer yn. Elizabeth hat har jas noch oan en hâld dy ek noch even oan. Elizabeth is sawat fan deselde leeftiid as Patty, en fan deselde klasse kwa smaak, kin wêze dat it op it earste oansjen krekt wat minder is.*

*Patty giet op de bank sitten. Elizabeth bliuwt yn earste ynstânsje stean)*

**ELIZABETH:** Wat is der yn godsnamme oan de hân? Ik tocht datsto by jim mem wiest. Hee, wat skeelt der oan. Do hast gûld.

**PATTY:** Wêrom duorre it sa lang foar'tsto hjir wiest?

**ELIZABETH:** Ik wie dwaande. Ik bin sa gau kommen as dat it koe.

**PATTY:** Ik ha trije oeren lyn by dy ynsprutsen.

**ELIZABETH:** Oardel oere.

**PATTY:** Hoe lang moat soks duorje! It is flakby.

**ELIZABETH:** Hie ik yn 'e gaten datst al thús wiest.

**PATTY:** Wat hat dat dêrmei te krijen.

**ELIZABETH:** Ik bin der no toch. Wat is der? Wêrom bist earder werom kaam? Wat is der gebeurde?

**PATTY:** Kalm oan, sis. *(Elizabeth seit neat. Se nimt in bêste slok fan de wyn út it glês fan Patty)*

**ELIZABETH:** Ik bin ferdomme ek noch flitst.

**PATTY:** Wêr. Hjir?

**ELIZABETH:** Ja. Op it stikje dêr't se net wolle datst hurder giest.

**PATTY:** Hoe lang witsto al net dat dêr in flits-peal stiet. Hast der sels net foar pleite dat dêr sa'n ding komme soe.

**ELIZABETH:** Ik wol mar sizze...

**PATTY:** Ja.

*(skoftsje stil)*

**PATTY:** Hoe hoe is 't mei Eva?

**ELIZABETH:** Eve. Se hyt Eve.

**PATTY:** Sa as yn Even. En dan sûnder n.

**ELIZABETH:** Dus do witst it. Doch net sa flau.

**PATTY:** Do hast har toch Eva neamd. Jim ha har oait Eva neamd?

**ELIZABETH:** It giet goed mei har. Foar safier't it goed gean kin mei famkes fan 17. Dy't fan de iene leafde yn de oare falt, it hatet dat

wy yn dit doarp kommen binne te wenjen en fan miening is dat se opskeapt sit mei âlden en ideeën dy't yn de midsiuwen net misstien hiene. Neffens har dan.

**PATTY:** Sjochst der goed út.

*(Elizabeth skinkt it glês fol. Nimt in bêste swolch)*

**ELIZABETH:** Fynst net slim, wol?

**PATTY:** Nee, fansels net. Nim.

*(Elizabeth drinkt it hiele glês leech, skinkt harsels in nij glês yn)*

**ELIZABETH:** Hoe is it mei jim mem?

*(Elizabeth kriget in sms. Sjocht. Stoppet de telefoan fuort wer yn de jasbûse)*

**PATTY:** It giet goed mei har.

Se hat harsels as frijwilliger oanmelden by in teäter, dat by har om 'e hoeke sit. Se liket fitter as oait. Mar se docht it foar de gesellichheid. Se hatet teäter.

**ELIZABETH:** Wêrom hasto my belle?

**PATTY:** Do witst hoe skjin yn ein ik bin as ik by ús mem wei kom.

**ELIZABETH:** En der skeelt har neat.

**PATTY:** Se makket my kapot, dat is alles, mar dat docht se har hiele leven al.

**ELIZABETH:** En mei Max ek net.

**PATTY:** Net dat ik wit. Ik sjoch him nergens. Sjochsto him? Sjochsto Max ergens? Of soe er 'm ûnder de bank ferstoppe ha. Wêrom geane wy de stêd net yn, dûnsje, drinke, hast jild by dy, taksy belje, ús ding dwaan, sjen of 't der wat te fersieren falt, nee? Neenee! Wy bliuwe hjirre, sitte, tegearre, harkje nei it reinen, op de bank, wat soest noch mear wolle, toch net fuort mei dit waar, hjerst, de hjerst is der, wist net dat it sa hurd reine koe, bliid dat it hûs goed yn 'e ferve sit, goed dat wy dat yn 'e maitiid dwaan litten ha, oh, even stil, ek goed, wat? Wolst net, komt goed út.

*(Elizabeth pakt it glês. Set it wer del)*

**ELIZABETH:** Ik kin neat foar dy betsjutte ast my neat fertelst. Ik wit hoe dreech ast it hast om my te beljen as der wat is. Dus doe'tsto bellest, tocht ik, wit ik folle, der is wat freesliks gebeurde. Ik ha alles litten foar wat it wie en bin fuort yn de auto stapt.

**PATTY:** Dat hie net hoegd.

**ELIZABETH:** Wat net.

**PATTY:** Dan wiest toch net kommen.

**ELIZABETH:** Wêrom bisto earder werom kommen.

**PATTY:** Der is neat. Sille we te dûnsjen.

**ELIZABETH:** Wêrom hast my dan belle?

**PATTY:** Ik fielde my allinnich.

**ELIZABETH:** Moai. Ik bin der. Wêr is Max?

**PATTY:** Dy hie wat oars jûn.

**ELIZABETH:** Okee

*(Elizabeth giet mei de jas oan neist har op de bank sitten. En nimt wer in beste slok fan de wyn)*

Jézus!

*(Elizabeth nimt de lêste slok út it glês. Pakt de flesse, mar dy blykt leech te wêzen. Se besjocht it etiket, giet oerein, rint nei de keuken en komt werom mei in nije flesse en in ekstra glês. Iepenet de flesse en skinkt twa glêzen fol)*

**PATTY:** Ik bin wat yn de war.

**ELIZABETH:** Okee

**PATTY:** Ik ha it gefoel as bin ik hielendal fan de kôk.

Mar der is neat.

*(stilte)*

Wat wolst dat ik sis? Dan sis ik dat.

**ELIZABETH:** Okee, nimst my no serieuus, of tinkst dat ik debyl bin.

**PATTY:** Sorry, ik nim dy hartstikke serieuus.

**ELIZABETH:** Ik skrik my de pleuris.

*(se sitte neist inoar en drinke harren wyn. Der wurdt even neat sein)*

Goed, we dogge it even hielendal opnij. Ik gean derút. Ik kom der wer yn. Doch de jas út.

*(yntusken docht se dat allegear)*

Skink in glês wyn yn. Drink dat leech.

*(docht se allegear)*

Gean op de bank sitten en freegje wêrom'tsto my belle hast, wêrom't ik komme moast. En ik bin kommen, hê. En dan seist dizze kear net neat om't der blykber wat gebeurd is dat dy deaûngelokkich makke hat en dêr'tsto gjin nocht oan hast om oer te praten of wit ik folle. Ik bin hjirre en bin dyn freondinne.

*(stilte)*

Net? Okee.

*(Elizabeth kriget in sms'ke. Se sjocht der net nei)*

Ik hoech net alles fan dy te witten. Mar as ik neat wit, dan kin ik ek neat foar dy dwaan. It helpt soms om it mei ien te bepraten. Dat helpt soms. Freonskip is wol mear as tegearre kofjedrinke, tegearre winkelje, in wykeintsje fuort, prate oer neat, oer allegear dingen dy't fantastysk goed geane, geweldich. Mar dingen beprate? Inoar helpe? Der foar inoar wêze? Net bang wêze? Dyn kwetsberrens toane?

It kin my neat skele wat der is, ek al hast wat freesliks dien, ik bin der no, en ik bin der foar dy. Leave, kwetsberrens is gjin teken fan

swakte, it is krêft. It is wat minsken mei inoar ha, it is wat minsken bynt. Sjoch no ris hoe'tst derby sitst. Ik kin toch sa sjen dat der wat oan skeelt. Wat wolst dan fan my. Hoe kin ik wat foar dy dwaan as ik net wit wat der oan skeelt. Mar it kin wêze datst net wolst dat ik wat doch. Wolst dat ik der bin. Is dat it? Okee, ik bin der. Mar ast my neat fertelst, setst my as freondinne bûtenspul.

*(Patty mompelet wat)*

Wat?!

**PATTY:** Sorry.

**ELIZABETH:** Ik sjoch it ast net lokkich bist. Cut the crap.

**PATTY:** Max hat in oarenien.

**ELIZABETH:** Wat?

**PATTY:** Hy hat in oarenien.

*(Elizabeth nimt Patty yn de earmen, streaket it hier)*

**ELIZABETH:** Wat freeslik. Kalm mar. Ssssht. It komt goed.

**PATTY:** Ik fiel my sa...

**ELIZABETH:** Kinst my fertrouwe. Ik bin by dy.

*(Patty komt wer oerein)*

**PATTY:** Hast wolris meimakke dat alles dy ûnder de hannen om't ôfbrekt, datst ynienen alle fertrouwen datst hiest, dy yn 'e hannen ferkrommele, en do diest neat. It iennige datst diest wie hjir sitte, hjir op 'e bank, hjir sitte en pffff... fuort wie it. Alles. Kenst dat. Ien, dêr'tst 100% fan hâldst, witst wat dat betsjut. Datst alles fan dy oar leuk fynst en dat watst miskien net sa leuk fynst, hielendal akseptearrest. Datst it gefoel hast datst ien bist, dat je tegearre binne, datst neat útlizze hoechst, in fanselssprekkendheid ast tegearre bist dat al it oare oerstallich makket, alles fan inoar witte, rûke dat hy it is.

En dat der ynienen in momint is dat it fuort is, as hat it allegear mar in fersin west, as wie it in optinksel, yn stee fan wat wêzentliker fielde as al it oare, wêzentliker as dyn âlders, wêzentliker as alles dêr'tst yn leaudest – fjijjts...fuort. Ik bin bang foar mysels, ik fiel krêften en in lilkens yn my dêr't ik gjin weet fan ha of't ik dat wol behearskje kin. As ik dy frou yn 'e hannen krij. Ik soe har wol fermoardzje kinne.

**ELIZABETH:** Hoe kaamst it oan de weet?

**PATTY:** Ik belle him hjir út hûs wei en hy sei dat er thús wie.

**ELIZABETH:** Hy kin toch mei freonen op stap wêze.

**PATTY:** Wêrom soe er lige dat er thús wie?

**ELIZABETH:** Dat witst net. Do hast net mei him praat. Der sitte net altyd froulju achter.

*(Patty wurdt dan wat fel, net te fel)*

**PATTY:** Lul toch net sa. Do bist in frou! Do soest dy fraach net iens stelle moatte. As dyn man dat docht, rûkst it op in kilometer ôfstân, alles komt by inoar, klear om oan de fallen. It poddehier stiet rjocht oerein, dyn rûkfermogen wurdt ûndraachlik skerp, sa skerp datst hast wist wa't it is. Do bist in frou. Do soest my net sa'n fraach stelle moatte.

**ELIZABETH:** Do witst net wat der geande is. Soest it earst net oan him freegje.

**PATTY:** Om noch mear leagens oanhearre te moatten.

**ELIZABETH:** Bedimje dy no wat

**PATTY:** Dit hûs fielt ynienen sa grut.

**ELIZABETH:** Giest net wat te hurd.

**PATTY:** Ik ken him, hy seit dat 'er thús is, hy wit net dat ik thús bin, ik bin wol thús, want ik bin ûnferwachts thús, en hy is net thús en hy seit dat hy thús is en dêr sit ik dan yn dit hûs, dat fan ús is, wat moat ik oars, wêr kin ik hinne.

(stilte)

(Patty tutet har freondinne)

Dankjewol.

*(se krûpt as in bern tsjin Elizabeth oan. Patty leit mei har gesicht yn de skurte fan Elizabeth)*

Dank je. Dat ik dit sizze koe. Do hast my wat leard, oer fertrouwe. Ik bin sa bliid dat ik dit tsjin dy doarde te sizzen, ik wit hjir gjin rie mei, freonskip, dysels jaan, dysels kwetsber sjen litte- foaral om't ik dy kwetsberrens sjen lit oan de frou dy't it mei myn man docht.

(stilte)

Besikest dysels altyd wat te beskermjen en faaks tefolle -mar as dan dy freondinne, dy't sa iepen is en gefoelens partsje wol, ûnderwilens dyn man fan dy ôfpakt, dan is it net sa maklik om gefoelens te dielen en iepen te wêzen.

(stilte)

Do wiest jûn by him.

(stilte)

Of silst my no ek noch foarlige?

**ELIZABETH:** Nee.

**PATTY:** Wiest jûn by him?

**ELIZABETH:** Ja.

(stilte)

**PATTY:** It kin wêze dat ik net sa 'n goeie freondinne wie. Soe kinne. Hearst wol es. Net iepen genôch.

*(Patty giet oerein, jit de glêzen fol, nimt in slok)*

Gesellich. Sa mei syn 'n twaen, toch.

**ELIZABETH:** Hoe lang wist it al?

**PATTY:** In skoftsje.

*(stilte)*

**ELIZABETH:** Dus do wist it al doe'tsto jûn mei Max bellest.

**PATTY:** Jawis wol. Wie in bytsje in toanielstikje. Wolst trouwens wat ite?

**ELIZABETH:** Ik ha krekt wiidweidich iten.

**PATTY:** Ik bin in skoftsje net yn hûs west, mar der is noch wol wat tsiis. Toastjes.

**ELIZABETH:** Nee, lit mar.

**PATTY:** Ik kin ek wol wat fan restjes meitsje. Dêr bisto gek op. Restjes.

**ELIZABETH:** Ik ha krekt iten.

**PATTY:** Wat is der eins mis mei Eva, wat mankearret der oan dy namme, wêrom moast dat Eve wurde? Wat is der better oan Eve.

**ELIZABETH:** It is in famke fan 17.

**PATTY:** Hjr, nim noch wat wyn. Helje ik de tsiis even. Foar tsiis is der altyd wol wat romte, toch.

*(se giet oerein en hellet de tsiis út 'e kuolkast)*

Tink dy no es yn, do mochtst kieze. In iuwenâlde beam, mei in bankje derûnder, en dy beam, dy't fan dy is. In bon, dêr'tst alle jierren yn it bêste restaurant fan it lân mei te iten kinst, inklusyf it ferbliuw. Of in sekdinkje wat net ien oars hat en dat briljant is, sa briljant datst oars neat mear noadich hast, gjin man, gjin neat, gjin libben – en do bist de iennige dy't it hat. Ik tink sels dat ik kieze soe foar it jierlikse iten yn it bêste restaurant. Al soe ik leaver ien wêze dy't de iuwenâlde beam kieze soe. Wat soesto dwaan?

*(se set de tsiis foar Elizabeth del. Skinkt har glês wer by)*

Der wie noch mear as dat ik tocht. Dit hjirre is Camembert, dit wat Morbier en dit is gewoan in stikje âlde tsiis. It is net it bêste tsiisplankje oait, mar we moatte it no ienris dwaan mei wat der is. Asjeblyft. Fan tsiis wurdst net fjouwerkant.

**ELIZABETH:** Wat wolst fan my. Wat sille we no dwaan.

**PATTY:** Dit soarte fan dingen gebeure no ienkear, it heart by it libben, dêr moastst trochhinne. It gebeurt. It skeat troch my hinne om dan ek mar in minner te nimmen om de boel wer wat yn it lykwicht te lûken. Mar froulju binne toch oars as manlju. Fynst net. Manlju kinne sokke dingen skiede, in de holle. Twa, trije froulju ha, fan harren hâlde, of net iens, by de iene de seks en by de oare de leafde. Foar in frou is dat wol oars. Dêr kinne sokke dingen net neist inoar bestean. Krekt om't se harren sa oerjouwe, mei alles wat se ha. Mei alles derop en deroan, dat se foar eagen ha. Hiest

him gau foar dyn karke? Nee toch...

*(stilte)*

It is allegear sa maklik, want foar'tst it yn 'e gaten hast bin ik de goeie en do de minne. It is sa mar klear. En dat is toch net wat wy wolle, der sitte altyd mear kanten oan in saak.

**ELIZABETH:** Ik bin bliid datst der sa mei omgiest, dat wy der gewoan oer prate kinne.

**PATTY:** Ik ha it hjir wol es mei ús heit oer hân.

Witst wat ús heit sei. Witst wat de oplossing fan myn famylje is: deryn ramme, meitsje dat wiif ôf, wat tinkt dy kut eins wol, de kop derôf, it is do as sy, gjin begrutsjen mei sokke lju. Mar ja, hy komt fansels wol út in oar miljeu.

*(Patty hâldt Elizabeth it plankje mei tsiis foar de noas en wachtet oant se wat nimt)*

Nim in stikje. It is goed foar dy. Hjirre. Nim. Nim in hapke. Skande om it stean te litten. Oars moat ik it fuortgoaie.

*(stilte)*

Der binne saken dêr't je it noait fan winne kinne. It wie op de basisskoalle, der wurde yn de klasse frege wa't yn de skoalfoarstelling meispylje woe. Se moasten noch in pear elfen ha. Ik wie ien fan de twa famkes dy't de hân opstuts. Wêrom, ik wit it noch net. Ik en in famke mei, sis mar, in bettere komôf as ik. Op de dei fan de foarstelling soe ik dat oare famke ophelje om tegearre nei skoalle ta te gean. Wy moasten sels de klean regelje. Se gongen derfan út dat de âlden dêr wol wat by helpe soenen. Mar ús heit en mem wiene sa net en der binne dingen dy't je as bern gewoan net allinnich dwaan kinne. Ik helle de hiele kleankast oeral, mar koe neat fine wat op in elfen-pakje like. Op 't lêst fûn ik de swimbroek fan ús heit, dêr't er mei yn de tún omwrotte en ik luts de pyamajaske fan ús mem derby oan. Mei fan dy oranje strepen. Ik hie graach noch soks as in maillot hân, mar och bleate fuotten koe best. Ik wie oeren dwaande west. No as ik no gjin elfke wie, dan wist ik it ek net mear! En doe gong ik nei dat oare famke, it famke dat âlden mei jild hie, it famke dat âlden mei leafde hie. Ik belle oan en ik wit noch goed dat de heit de doar iepen die. Hy beseach my fan ûnderen oant boppen.

*(Elizabeth kriget wer in sms'ke)*

Kinst 'm miskien wol even sizze, dat er dêr mei ophâlde moat. Dat wy no even rêstich oan it praten binne en dat dit de saak gjin goed docht. Moai sa. *(koarte stilte)*

Wêr wie ik bleaun? O ja. Ik belle by har oan en de heit die de doar iepen. Hy beseach my fan ûnderen oant boppe ta. "Wat sjochst der




prachtich út”, sei er. Grutsk dat ik wie. “Kom deryn. Lea is hast klear”. Ik rûn deryn. En dêr stie Lea, tadaaaaa... yn it midden fan de keamer, it like as wie der in spotsje op har rjochte, se seach der út as wie’t in elfke, sa skattich. In griene maillot, in glinsterjend jurkje, in fluwielen jaske en har mem die krekt noch in pear fleugelstjes fêst op ‘e rêch. Har gesicht siet fol mei prachtige sulveren stjerkes en har folle lippen wiene read. En ik fieldde my folslein bespotlik, ik hie doe yn ‘e gaten wat ik oan hie, in pyama fan ús mem. Doe’t wy de doar útrûnen nei skoalle ta, rôp har heit ús noch wer werom, sloech de ears om Lea hinne en sei dat se de moaiste elf wie dy’t er oait sjoen hie. En sa stie se letter op toaniel, krige in applaus doe’t se op kaam, ik der achteroan en gjinien dy’t seach dat ik ek in elfke wie. Net in kop hie yn ‘e gaten wa’t ik wie as wat ik dêr die. Ik wie de ydioat, dy’t kompleet foar gek stie yn in pyama neist in elfke op it toaniel.

Als u het hele stuk wilt lezen dan kunt u via [www.toneeluitgeverijvink.nl](http://www.toneeluitgeverijvink.nl) de tekst bestellen en toevoegen aan uw zichtzending.

Voor advies of vragen helpen wij u graag.

 [info@toneeluitgeverijvink.nl](mailto:info@toneeluitgeverijvink.nl)

 072 5112407



**“Samenspelen” is ons motto**